

DE TREFFER

JIERGONG 54-3 MAART 2024

COUPERUS HYDRAULIEK B.V.

Couperus Hydrauliek ontwikkelt, ontwerpt en bouwt hydraulische systemen voor elke denkbare toepassing.

Mobiele hydrauliek



Hydrauliek voor industrie

Maritieme hydrauliek



Techniek is onze drive!

De Treffer

Foto's foarside
Treffer:
Henk Bootsma

klupblêd fan fuotbalferiening SDS

Jiergong 54 nûmer 3

maart 2024



Redaksje:

Adres:

tillefoan:

Tryntsje Kooistra-Bouma V. Eijsingaleane 22, 8734 GD Easterein 06-21467278
Metsje Huitema Swingoerd 33, 8731 CV Wommels 0515-333295
Willem Wijnia De Homeie 27, 8731 EC Wommels 0515-331444
Fakatuere
'Fêste' stikjesskriuwers; Aant,

Webisode en Twitter-redaksje: Aant Hofstra: aant@vv-sds.nl
Willem Wijnia: willem@vv-sds.nl

Bestjoer:

tillefoan:

funksje:

Helga Develing	Heechhiem 1, 8734 GS Easterein	06-52628565	Foarsitter
Tryntsje Kooistra-Bouma V.	Eijsingaleane 22, 8734 GD Easterein	06-21467278	Skriuwer
Henk Postma	Stapertstrjitte 37, 8731 CA Wommels	06-51679033	Ponghâlder
Fakant			Foarsitter jongerein
Syb Overal	Streek 30, 8734 GR Easterein	06-33030042	Wedstrydsekretaris
Catharina Postma	lisbaan 10H, 8731 DW Wommels	06-19033966	Ledenadministraasje
Bauke de Boer	A.Joustrastrjitte 10, 8734 GJ Easterein	06-29892380	PR en Reklame
Jaap Toering	It Noard 21A, 8731 BB Wommels	06-10695193	Sen./Technyske saken
Marco Groothof	Trijekeningenwei 3, 8831 ZT Winsum	06-10562399	Terrein/Skoalleseize

Jongereinkommisje: Eameladres: Jeugd.sds@gmail.com

Fakant	Foarsitter
Peter Geertsma	Algemiën lid
Dirk de Jong	Algemiën lid
Pieter Kamstra	Algemiën lid

E-mailadressen:

Foarsitter@vv-sds.nl
Ponghalder@vv-sds.nl
PRkommisje@vv-sds.nl
Wedstriidsekretaris@vv-sds.nl
Ledenadministraasje@vv-sds.nl
Sekretaris@vv-sds.nl
TC-foarsitter@vv-sds.nl
Foarsitter-jeugd@vv-sds.nl
Accommodatie@vv-sds.nl

=> Helga Develing
=> Henk Postma
=> Bauke de Boer
=> Syb Overal
=> Catharina Postma
=> Tryntsje Bouma
=> Jaap Toering
=> Jongereinkommisje
=> Marco Groothof

Sponsor- c.g. PR-kommisje

Bauke de Boer

Shirtsponsoring, reklamebuorden en Freonen fan
SDS (PRkommisje@vv-sds.nl)

Wedstrydsekretariaat

Senioaren, seal en de jeugd:
Slyb Overal, Streek 30, 8734 GR Easterein, tel: 06-33030042

Skiedsrjochterkoördinator:

Enne-Johannes Bruinsma, De Singel 12, 8734 HR, Easterein 06-29974138

Akkomodaasje:

Sportpark "De Skoalleseize", 't Heechhiem 11, 8734 GS Easterein, tel. 0515-331700
(SDSkantine@gmail.com)

Fersoarging terrein:

Andries Stuiver A.Joustrastrijtte 4, 8734 GJ Easterein

tillefoan:

0515-332872

Fersoarging materialen:

Klaas de Haan, Klaas Overal, Lolke Bouma en Willem Twijnstra

Aktiviteitenkommisje:

Bauke Dijkstra, Lourens van der Pol, Robin van der Weg en Sietze Stoffelsma.

Bankrelaasje:

NL60RABO0349501033

Rabobank Sneek –ZuidwestFriesland.

Ferieningsnûmer KNVB: BB BG 32H

Korrespondinsje besoarging Treffer:

		<u>Tillefoan:</u>
Easterein:	Hester Hiemstra, Skoallestrjitte 10, 8734 GM, Easterein
	K. en H. Meijer, Wynserdyk 19, 8734 GE Easterein	0515-332278
Wommels:	Fam. Sytsma, Roede 27, 8731 CT Wommels	0515-332905
	Fam. Boonstra, Hofkamp 14, 8731 BV Wommels	0515-331615
Itens/Hinnaard:	Sjoerd Boonstra, Hearedyk 59, 8735 HP Itens	0515-332457
Reahûs/Turns/Hidaard:	Fam. Gerbrandy, Sanleansterdyk 24, 8736 JB Reahûs	0515-332910
Spannum:	Hendrik Eringa, Wijniastrijtte 4, 8843 KM Spannum	06-52282533
Winsum:	Sybren Wassenaar, Hege Terp 13, 8831 XT Winsum	0517-341886
Kûbaard:	Auke Eringa, De Ljurk 13, 8731 EJ Wommels	0515- 332649
Oare plakken:	Metsje Huitema, Swingoerd 33, 8731 CV Wommels	0515-333295

Kontribúsje(per 1/4/2023) :

Senioren fjildfoetbal:	€ 74,-	it healjier
Senioren sealfuotbal:	€ 51,-	it healjier
Junioren O19 en O17:	€ 57,-	it healjier
Junioren O15:	€ 48,-	it healjier
Pupillen O13 en O11:	€ 40,-	it healjier
Pupillen O9:	€ 35,-	it healjier
Froulju 7x7	€ 27,-	it healjier
Foar de jongerein jildt fanôf it twadde bern 20% koarting		

Dizze kontribúsjebedragen binne eksklusyf de bijdrage foar it kleanfûns. Dizze betrefte foar senioarenleden €6,- en junioarenleden €5,- per heal jier.

By de earstehealjiers-kontribúsje wurdt ek €6,- foar de Grote Clubactie ôfskreaun.

Dizze 2 lotten krije je fan je leider en kinne efentueel je ferkeapje.

Tagong wedstriden earste âlvetal € 3,- Dêr sit dan in programmaboekje bij.

Foar leden, sponsers en freonen fan SDS is de tagong fergees.

In programmaboekje kostet foar leden, sponsers en freonen fan SDS €1,-.
Mei it nûmer fan it programmaboekje meitsje je kans op drûge woarsten.

Freonen fan SDS

Foar € 50,- yn it jier wurde jo Freon fan SDS. Jo krije dêrfoar ús klupblêd, "de Treffer", fergees tastjoerd, jo komme op it 'Freonenboerd' en jo hawwe by kompetysjewedstriden fan ús earste âlvetal frij tagong. Foar nijere ynljochtjings kinne jo skilje mei Bauke de Boer 0515-332555

Stipers

Mear ynformaasje by Bauke de Boer (06-29892380)

Oanmelding nije leden:

Aspirant **jongereinleden**, aspirant **senioren (fjildfuotbal)** en aspirant **sealfuotballers** kinne harren oanmelde/ôfmelde fia de webside www.vv-sds.nl fia "**oan-/ôfmelde**".

Njonken in oanmeldingsformulier moat ek in kopy fan in offisjeel legitimaaasjebewiis (mei pasfoto) ynlevere wurde.

By fragen kinne je kontakt opnimme mei Catharina Postma.

Ôfmelde:

Under de kop oan-/ôfmelde stiet ek de link foar as je je spitich genôch ôfmelde moatte/wolle Allinich op dizze wize kinne jim ôfmelden wurde (dus net fia in lieder of sa)

Hjirfoar binne twa data: **foar 1 maaie** en foar **1 desimber**.

By te let ôfmelde moat der noch foar in heal jier betelle wurde, dit is omdat SDS dan ek jild ôfdrage moat oan de KNVB.

De lêste ynleverdei foar **kopij** foar it folgende nûmer is:

Ein maaie 2024

Jo kinne de kopij ynleverje by ien fan 'e redaksjeleden.

Leafst oer de E-mail.

E-mail adres : [**detreffer@vv-sds.nl**](mailto:detreffer@vv-sds.nl)

Fan de Trefferredaksje

Hjir foar jim leit de nije Treffer. Dit kear hawwe wy Sjoerd Boonstra oan it wurd en yn de Alde doaze fine jim noch folle mear Boonstra's. Dêrneist hawwe wy wat SDS-keepers oan it wurd, hite nûtsjes, de SDS-feestkommisje, de SDS-look-a-likes, in SDS'er der op út en sa noch wolris wat. Oftewol in Treffer lykas oars.

Moai dat der fan alles organisearre wurdt by SDS. Sa kinne jim lêze oer de sponserjûn mei John van Zweden, kinne jim jim opjaan foar de busreis mei SDS 1 nei sv Oosterwolde en wurde jim sneon 23 maart allegear yn it swart-wyt ferwachte op de SDS-supersneon.

No al nocht yn.



Oan it wurd: Sjoerd Boonstra	De SDS- feestkommisje	SDS-sponserjûn
		
<p style="text-align: center;">side 6</p>	<p style="text-align: center;">side 12</p>	<p style="text-align: center;">side 27</p>

Ynhâld

<i>Fan de redaksje</i>	<i>3</i>
<i>Fan it bestjoer.....</i>	<i>5</i>
<i>Oan it wurd: Sjoerd Boonstra</i>	<i>6</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Jeffrey van der Werf.....</i>	<i>9</i>
<i>Hite nûtsjes</i>	<i>10</i>
<i>Fan de feestkommisje.....</i>	<i>12</i>
<i>Keeperpraat</i>	<i>15</i>
<i>Mei de bus nei sv Oosterwolde.....</i>	<i>16</i>
<i>Persoanlik: Wybren Politiek.....</i>	<i>17</i>
<i>SDS'er der op út</i>	<i>19</i>
<i>Ut de âlde doaze (1)</i>	<i>21</i>
<i>In fruitmandsje bringe by Gert-Jan Hiemstra</i>	<i>22</i>
<i>SDS-Look-a-likes (41)</i>	<i>23</i>
<i>SDS-League</i>	<i>24</i>
<i>Slút je oan by GEKE en stypje SDS!</i>	<i>26</i>
<i>Sponserjûn mei John van Zweden op freed 22 maart.....</i>	<i>27</i>
<i>Ut de âlde doaze(2)</i>	<i>28</i>
<i>Doelpunten 2023-2024</i>	<i>30</i>
<i>Doelpuntenmakers SDS 1 25 jier lyn.....</i>	<i>31</i>
<i>Aginda</i>	<i>32</i>

Autohuis Winsum

CNOSSEN & VAN DER VAART



Goede service
Thuis in alle merken
Bij u in de buurt
Inruil mogelijk
Leen auto mogelijk
APK keuringsstation
Gratis APK bij grote beurt

En dit zijn nog maar een paar redenen om voor een auto Autohuis Winsum te bezoeken

De koffie staat klaar

St. Michaelsberch 9 • 8831 ZM WINSUM
Tel 0517-341917 • Fax 0517-342562
E-mail info@autohuiswinsum.nl



INSTALLATIEBEDRIJF DE JONG

Voor meer wooncomfort
van kelder tot dak

Lid van
UNETO-VNI

ATAG
Verwarming

Fabrykswei 7 Easterein
T. 0515 - 331 512

Uw totaal installateur

www.dejonginstallatiebedrijf.nl
info@dejonginstallatiebedrijf.nl



inbouwwidee
Inbouw-apparatuur en meer

iisbaanKEUKENS
MEER DAN ALLE KEUKENS

Voor uw keuken & apparatuur (inbouw & vrijstaand)
Kwaliteit voor een ijskoude eerlijke prijs !
VOORJAARS-AANBIEDING

Bij AANKOOP van 4 of 5 Inbouw-Apparaten

Het **GOEDKOOPSTE** Inbouw-Apparaat

GRATIS

Perfect 3 : Koud-Warm-Kokend water
Touch 3-in-1 elektronisch

Touch 4-in-1 elektronisch



€ 899,00

Harriette Faber
de iisbaan 8
8731 DW Wommels
Mob : 06-51588066
Email : info@iisbaankeukens.nl
Website : www.iisbaankeukens.nl
Webshop : www.inbouwwidee.nl

www.inbouwwidee.nl
www.iisbaankeukens.nl

voor al uw
verzekeringen



bijheerma.nl

Johan Heerma en Herman v.d. Bij

☎ 0515-439004

✉ info@bijheerma.nl



KAMSTRA
STEENHANDEL

B E S T R A T I N G E N G R I N D

- (sier) bestrating
- (sier) grind
- tegels
- opsluitbanden
- muurblokken
- zand
- zwarte grond
- gebroken puin
- freesasfalt
- anti-worteldoek
- levering beton
- betonijzer
- cement
- industrieplaten
- hardhouten schotten

INFORMEER NAAR VELE ANDERE PRODUCTEN

Monsamabuorren 1 • Hinnaard • tel. 0515 333 432

www.kamstrasteenhandel.nl



Bootsma Bouwbedrijf B.V. Easterwierrum

- Voor al uw:
- Agrarische bouw
 - Onderhoud
 - Verbouwingen
 - Bouwkundig advies
 - Restauratie
 - Tekenwerk
 - Woningbouw
 - Utiliteitsbouw

Werkplaats/kantoor:

Doarpsstrjitte 8
9021 CL Easterwierrum
Tel. (058) 250 13 25
info@bootsmabouwbedrijf.nl
www.bootsmabouwbedrijf.nl


Bouwend Nederland
de vereniging van bouw- en infrabedrijven



ALLES VOOR UW AUTO!!!

Wheagan
MULTI CAR SERVICE

WWW.WHEAGAN.NL



DE VLINDER
BLOEMSIERKUNST

HOFKAMP 2, WOMMELS, T (0515) 332403



MRW
Accountants

GORREDIJK
T 0513 - 46 91 30
F 0513 - 46 21 24

SNEEK
T 0515 - 42 98 00
F 0515 - 41 78 11

WOLVEGA
T 0561 - 61 67 15
F 0561 - 61 39 76

"die liquiditeitsprognose is wel erg zonnig, een second opinion kan denk ik geen kwaad"

...als u MRW Accountants inschakelt...

...staat u er nooit alleen voor!

www.mrw.nl
info@mrw.nl

Fan it bestjoer

Ha goeie!

Het eerste kwartaal van 2024 schiet alweer aardig op. We zijn 2024 gestart met een nieuwe hoofdtrainer, die in de eerste wedstrijden het eerste elftal zodanig wist te sturen dat de broodnodige punten gepakt werden. In drie wedstrijden wist het team zeven punten te



bemachtigen. Waarna nacompetitie ineens heel reëel is geworden. De komende wedstrijden zijn belangrijk, het team kan alle steun en aanmoedelingen wel gebruiken. Dus kom ook langs de lijn staan! Of kom één van de andere elftallen of jeugdteams aanmoedigen.

Wat zeker een mooie dag wordt om SDS aan te moedigen is 23 maart. Dan organiseert de activiteitencommissie Supersneon: een gezellige middag met, naast voetbal, muziek en een verloting die anders is dan anders. De commissie heeft Supersneon een thema meegegeven: zwart-wit. Dat is niet heel ingewikkeld, daar kan iedereen bij aansluiten. De commissie zelf is van plan goed uit te pakken die middag.

Niet alleen de activiteitencommissie is druk bezig, ook het bestuur. Een dag voor Supersneon is de sponsorjûn. We zijn er trots op dat het gelukt is John van Zweden naar Easterein te lokken. John van Zweden, voetballiefhebber en ondernemer, maar ook een spreker met interessante en humoristische verhalen en anekdotes. Een avond voor freonen en sponsors.

Om ook eventueel nieuwe sponsors duidelijk te kunnen vertellen welke mogelijkheden we bieden bij SDS, zijn we als bestuur bezig met een sponsorplan. Alle informatie op een rijtje: hoe kunnen mensen en bedrijven ons sponsoren, welke kosten zijn daaraan verbonden en wat mogen zij daarvoor van SDS verwachten. Zo hopen we op de sponsorjûn ook nieuwe sponsors te kunnen verwelkomen.

Daar hangt een kledingplan mee samen. Ook daar zijn we druk mee bezig. Zo krijgen we goed inzicht in wat er nodig is voor welke teams en waarvoor we nog sponsors kunnen gebruiken.

Tot slot zit ook het bestuur van de Skoalleseize niet stil. Samen met hen zijn we druk bezig de bestaande verlichting rond het hoofdveld te vervangen door LEDverlichting. Beter voor het milieu en de clubkas. De bestuurskamers lijken binnenkort te worden afgemaakt en er komt nieuw meubilair. Zo wordt het nog aangenamer de zaterdagen bij SDS door te brengen.

Oant sjen, Helga

Oan it wurd; Sjoerd Boonstra

Sjoerd Boonstra komt fan Itens en spile jierren werom in skoft foar SDS. Hy wennet no alwer in tydsje yn Akkrum en binne wol benijd hoe as it mei him is.

Hoe is it mei dy?

Poerbêst.

Wêr wennesto no, wat foar wurk dochst en hast ek in relaasje en sa?

Ik wenje yn Akkrum tegearre mei myn freondinne Pytsje Merkus, ik wurkje by Van Der Meulen yn Harns (foarhinne Snits). Dat is in gruthandel yn boartersgoud.



Wannear hasto by SDS balle?

Fanôf de jeugd midden jierren 80 oant 2002.

Do hast nei SDS noch in skoft by Akkrum balle?

Jaseker. Sa'n 4 jier yn it 1e alvetal en dernei noch 11 jier yn it 2e.

Fuotballest no ek noch?

Ja ik fuotbalje noch altiten by Akkrum. No yn it 3e en de 45+. Foarhinne ek noch yn de seal. Ek fluitsje ik geregeld jeugdwedstriden yn Akkrum.

Hoe sjochsto werom op dyn tiid as fuotballer by SDS?

Ik haw in geweldige tiid hân by SDS, moaie jierren fuotballe foaral yn de A's en it 2e.

Wat wie dyn hichtepunt as fuotballer by SDS?

Eins myn hiele karriêre by SDS wol, mar herinnerje my noch in wedstriid wer ik as A junior ynfalle mocht by it 2e tsjin AVC en doe de winnende goal makke.

Binne der ek djiptepunten west?

Net in soad. Ik haw wol in lysbreuk hân, doe koe ik in skoftke net fuotbalje.

Wat wie dyn bêste trainer?

Remco Bervoets. Hy wie doe trainer fan de A1.

Hoe sjochsto no as bûtensteander nei SDS?

SDS is in échte doarsklup wêr as sy alles goed foarelkoar hawwe. Ik sjoch altiten noch in pear kear yn de wike op de side fan SDS en sjoch altiten nei de ûtslagen. Hooplik kin SDS 1 har noch handhave. De Treffer krij ik noch altiten fan ús heit en mem.

Jim heit bringt noch altiten de Treffer rûn yn Itens. Hoe lang soe der dit al dwaan?

Ja dat klopt, neffens my no wol in jier as 10. Hy hat it doe oernommen fan Sjouke Sjoukema doe 't hy it net mear dwaan koe.

Do giest wol gauris nei in fuotbalwedstrydsje yn it bûtenlân. Wat fynst it moaiste stadion?

Ja klopt, altiten leuk. De sfeer yn it bûtenlân is meast geweldich meinamme yn Dûtslân. De stadions wer ik west bin wiene allegear hiel moai. Liverpool op Anfield wie 1 fan de moaisten.

As lêste noch efkes: hoe sjocht dyn SDS-superalve der út:

1. Remco Brouwer
2. Frank Rijpma
3. Tjeerd Dijkstra
4. Durk Okkema
5. Feite De Haan
6. Minne Sjoerd Bouma
7. Willem Wijnia
8. Jeroen Brouwer
9. Bram Van Der Werf
10. Johan Molemaker
11. Marco Brouwer

Wissels: Wouter Hijlkema, Jan Simon Jelsma, Peter Kusters.

Tige by tige Sjoerd foar dit petear. Miskien komme wy dy noch wolris tsjin mei Akkrum 3 of ea by de 45+

Graach dien. Ik fûn it hartstikke leuk datst my hjir foar frege hast!

Op de folgende side noch in moaie foto fan SDS 2 mei Sjoerd Boonstra út it seizoen 2001-2002:



SDS 2 2001-2002:

Steand: Sponser Nico Ruiter, Gerrit Terpstra, Jos Zonderland, Sjoerd Boonstra, Auke Hiemstra, Jeroen Brouwer, Tjeerd Dijkstra, Gerrit Hingst en trainer Marco Hoekstra.

Op hurken: Dennis Dijkstra, Tsjomme Wijnia, Klaas Visser, Jan Stenekes, Harm-Auke Dijkstra, Frank Rijpma en Pieter Kamstra.

SDS-paraplu


Der binne folop SDS-paraplú's te krijen. Sy koste mar €15,-.

Sy binne net allinnich ideaal om mei hjerstich waar oan de kant fan it fuotbalfjild op te hawwen, mar kinne ek tsjin de sinne of de snie brûkt wurde.

Oan de SDS-paraplu sil it net lizze.

Bestel se fia info@vv-sds.nl.

Sy binne ek yn de bestjoerskeamer te krijen.



In fruitmandsje bringe by Jeffrey van der Werf

Jeffrey keepte dit seizoen al in soad wedstriden by SDS 1 en 2 en seagen him lêsten de draafwedstriid De Slach om Reahûs winnen. 2 wiken werom rûn hy samar mei mei krukken. Wat is der oan de hân?



Wêr hast lêst fan?

Ik haw lêst fan de knibbel.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik woe in stuitende bal fuort skoppe, mar skopte mis en kaam ferkeard del wertoch de knibbel nei binnen knakte. De dokter tocht dat ik fêst in knibbelbân skuord hie, mar dat foel mei. Hy is noch hiel, mar wol wat oprekt.

Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ja

Hoe no fierder?

Sûnt ferline wike train ik wer wat foar mysels en no rêstich de trainingsyntensiteit opbouwe.

Giest ek nei de fysio?

Net mear. Ik doch no thús oefeningen

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Ik hoopje yn maaie wer keepe te kinnen.

Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

Net mear op it fjild stean.

Jeffrey, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!

(WW)

Hite nûtsjes

Bisto ek sa bliid dat wy wer rjochting de maaitiid gean?

Ja man! Hearlik.



Yn de 2^e Bundesliga komme der mear lju by it fuotbaljen as yn de 1^e

Bundesliga en kenners sizze dat der yn it Championship yn Ingelân leuker balle wurdt as yn de Premier League. Hoe kin dit?

Dat kloppet net hielendal. Dizze statistiek wie fan in wykein dat de grutste ferienigingen fan de Bundesliga allegearre in utwedstriid hienen yn in lyts(er) stadion. Nimt net wei dat de 2^e kompetysje ek yn Nederlân hartstikkene leuk is om nei te sjen. Troch in miks fan jeugdigeheid, kwaliteit, en noch in oantal faktoaren is it fuotbal faaks wat avontoerliker dan op in krekt wat heger nivo. Dêrneist ha klups yn sawol Ingelân as Dutslân faaks in grutte, tige trouwe oanhang dy't alle wykein op in paad binne om harren favoriten oan te moedigjen. Yn Ingelân is it foar it oansjen fan de klup tige wichtich hoefolle supporters der elke kear harren klup efternei reizigje.

Wa sjochsto takomme seizoen graach as trainer fan Ajax?

As ik Ajax wie soe ik fol foar Thomas Tuchel gean. Hy is in moderne trainer dy graach oer it Nederlânse fuotbal mei en goed by Ajax past.

Hat dit Cambuur wat te sykjen yn de play-offs?

Wat sil ik sizze? Doe 't sc Heerenveen de earste kear nei de Eredivisie promovearde stienen sy 16^e yn de Earste Divisie. Sy hienen neat yn de neikompetysje te sykjen, mar mei in bult gelok promovearden sy ek noch. Wat my oanbelanget giet Cambuur fol foar de play-offs, promovere se en hawwe wy folgend seizoen wer 2 prachtige derby's.

Bliid dat Hearrenfean it kontrakt fan Kees van Wonderen net ferlinget?

Ach wat is wiisheid. Der hie dit seizoen al wat mear yn sitten foar sc Heerenveen en dat hat Van Wonderen net oprêden. Miskien slagget dat Maurice Steijn wol. Of mei Alex Pastoor wer ris wat mear opportunistysk balje. Pascal Jansen liket my ek wol in goeie opsje.

It is 7-tsjin7-fuotbaljen op freedtejûn de deastek foar it sneonsbaljen?

Dat is de fraach. It kin elkoar ek fersterkje.

Alle jonges dy't om wat foar reden dan ek op dit stuit gjin nocht / tiid hawwe om op sneons te baljen kinne op dizze wize de wille behâlde as werom fine en wa wit stappe se dan letter wer oer nei de sneons.

By ONS fuotbalje Yke Gaastra en Arjen Stremmer en Sjirk Vellinga sit by sc Bolsward. Soenen sy wer by SDS komme tinkst?

Dat soe al moai wêze. Ik haw begrepen dat Yke en Sjirk alris efkes meitrand hawwe. Douwe Posthuma sjocht alfêst foarút en wit dat de jeugd de takomst hat.

Arjen Stremmer docht it mar knap by ONS 1. Wy soenen him wol brûke kinne by SDS. Wat soe SDS der oan dwaan kinne om him safier te krijen?

Yn elts gefal merke litte dat je graach sjogge dat Arjen wer by SDS fuotbaljen komt. Hy kin by SDS 1 moai mei syn maten balje. It sil ek helpe as SDS yn de 3^e-Klasse bliuwt en dat ONS bygelyks promofearret en wer mear spilers fan bûten hellet wêrtroch Arjen miskien minder kansen krijt by ONS 1.

Soe SDS 1 it oprêde om yn de 3^e-Klasse te bliuwen?

Mei it ferstriken fan de tiid komt it momint tichterby dat SDS 1 gjin punt mear ferlieze mei om it degradaasjespoek fan it liif te hâlden. It skokeffekt fan in nije trainer hat yn earsten al fertuten dien, no sjen as it in ferfolch krijt.

De lêste wedstriid fan it seizoen is thús tsjin Nijlân. De kâns is der dat Nijland dan al feilich is en dat SDS de 3 punten goed brûke kin. Foar wat foar scenario giesto?

It Douwe Posthuma-scenario. De lym tusken Nijlân en SDS. As it safier komt sil al it sentiment dat der tusken beide klups is ûngetwifeld in rol spyljen gear, mar uteinlik stiet elke klup oan de ein fan it seizoen op it plak dat it nei oanlieding fan alle wedstriden fertsjinnet.

Dus net alfêst kratten bier sparje foar vv Nijlân?

Lit de KNVB dit mar net heare.....

Hast al in moai neikompetysjesenario foar SDS 1 yn de holle?

Hâld dy fêst. Wy begjinne op sneon 1 juny mei in útwedstriid tsjin VHK yn Sint-Janskleaster dan thús op 8 juny tsjin Noardburgum en yn de finale meie wy tsjin Haulerwyk of hiel ferrassend tsjin it vv Scharnegoutum fan Remco Bervoets. In dreech ferhaal dus.....

Do silst trouens de finale fan de neikompetysje al misse moatte, want dy is op sneon 15 juny asto de Slachtemaraton rinst....

Wat wol in minske noch mear. 42 kilometer rinne foar je lol en dan ek noch de finale fan de neikompetysje op'e radio. Ik kin my mindere sneonen betinke.....

Do bofst mar. Noflik ûnderweis nei alle minsken oan de kant wuife en sa no en dan efkes folkloristysk dûnsje. En ferjit net hite nûtsjes út te dielen. Rekkenje der mar op dat ik 15 juny oan de kant fan in fuotbalfjild stean.

Fan de feestkommisje

Op sneon 23 maart hawwe wy de SDS-supersneon. Dit wurdt organisearre troch de nije SDS-feestkommisje; Bauke Dijkstra, Lourens van der Pol en Sietze Stoffelsma. Wy binne wol benijd as der al mear op it programma stiet. Wy fregen Bauke Dijkstra dan ek it efterste fan syn tonge sjen te litten.



Op sneon 23 maart is de SDS-supersneon. Slagget it wat mei de tariedings?

Dat giet sa moai as wat. Wy hawwe in oantal keren bijelkoar sitten op tongersdei te jûn en binne yn oerlis west mei it bestjoer fan SDS en de Skoalleseize om alles fan de grûn te krijen. Eltsenien wol graach meiwurkje om der wat moais fan te meitsjen dus dat sil wol slagje. De posters hingje, de barploech is regele, it bier stiet kâld, de priizen foar it draaiend rad binne ûnderweis en de DJ is fêst lein en sil hielendal fanút Amsterdam komme om de boel hjir op stelten te setten.

Hast noch swart-wytferklaaitips?

Wy hawwe de earste kear foar dit swart-wyt tema keazen omdat dat bij SDS moai leechdrempelech is. Mei ús fuotbaltenues is der dus gjin ekskuus mear om net yn dy kleuren te kommen. Foar de rest hoopje wij natuerlik op wat ludieke kreaasjes? In hiel âld SDS tenue? Of miskien dochs gewoan yn smoking? Der is genôch te betinken.

Is der ek in priis foar degene dy't it moaist ferklaaid is?

Ja! Dy is der seker! Wat foar priis at dat is dat sjogge jim dan natuerlik wol. Mar wij wolle diegene dy it moaist ferklaaid is natuelik wol beleane! Sels binne wij as feestkommisje ek dwaande om wat moaie pakken út te sykjen dus it sil net tafalle om dat te oertreffen. In moaie útdaging tochten wij sa!

Hawwe wy it goed heard dat jim ynmiddels al 4 man yn de feestkommisje hawwe?

Dat kloppet! Jim binne alwer goed op de hichte. Wij ha Robin van der Weg út SDS 1 ek ree fûn om ús te helpen sadat wij no mei 4 man sterk binne. Robin is hiel erch thús yn de muzyk, syn heit kin posters drukke, hij kin statafels regelje, hij hat in swart-wyt hert en wit hoe hij in feestje meitsje moat. Wij binne dan ek

U weet het toch? Allicht is maar liefst 500 m² verlichting



ALLICHT

Verlichting en 1001 technische onderdelen

Oud Kerkhof 6 - 8601 EE Sneek
Tel. 0515 - 413 372 - Tegenover de Martinikerk

Exclusief in keukendesign, keuken-apparatuur

badkamers, badkamer-accessoires, sanitair

wand- en vloertegels, parket- en poxyvloeren




Openingstijden

maandag / vrijdag
08.30 - 12.00
13.00 - 18.00

donderdagavond
19.00 - 21.00

zaterdag
10.00 - 16.00



KBC

BINNENSHUIS
DE BESTE

Scharnegoutum

Zwettewei 100 a
T 0515 - 41 82 08
F 0515 - 41 98 99



LEANBEDRIUW & KRAANFERHIER

OKKEMA

EASTEREIN

www.okkema.nl

okkemaleanbedriuw@hetnet.nl





JOUW WINKEL

WARENHUIS VAN DER VELDE

*Alles op gebied van speelgoed, huishoud,
woondecoratie, boeken, wenskaarten,
tijdschriften en kantoor*

IT WARD 3, 6731 BB WORMELS TEL. 0515-331201
WWW.WARENHUISVANDERVELDE.NL
INFO@FVANDERVELDE.NL

volg jij ons op??  

Technisch Installatiebedrijf FA. D. VAN WIJEREN

Het adres voor aanleg

en onderhoud van:

Dakbedekkingen - Zinkwerk

Gas - Water



CV - Sanitair



Terp 29, 8731 AX Wormmels
H. Baarda, Lollum, Tel. (0517) 469157

PAUL SMIT ART

Schildercursussen • Workshops
Werk in opdracht • Prints • Kunstverhuur



Gratis proefles?

Leer de kneepjes van het vak met de schildercursus
van beeldend kunstenaar Paul Smit.

PAULSMITART.NL



Volledig vernieuwd!



FYSIOTHERAPIE WOMMELS

‘t Bosk 84 , 8731 BM Wommels.

Tel: 0515-331431

Voor een passend beweegadvies

Sportblessures

Revalidatie

Medische fitness

Medical taping

Voor al onze specialisaties zie www.fysiotherapiewommels.nl



JOUW WINKEL

WARENHUIS VAN DER VELDE

*Alles op gebied van speelgoed, huishoud,
woondecoratie, boeken, wenskaarten,
tijdschriften en kantoor*

IT NOARD 3, 8731 BB WOMMELS TEL. 0515-331201
WWW.WARENHUISVANDERVELDE.NL
INFO@FVANDERVELDE.NL

volg jij ons ook?  



DE
GROENE
ACCU

**Presteert de accu van je E-bike
niet meer voldoende?**

**Na een revisie bij DeGroeneAccu
werkt hij weer als nieuw! (en in
veel gevallen zelfs beter)**



Loek Bergmans Tel 0620457490
DeGroeneAccu.nl
service@degroeneaccu.nl

tige bliid mei dizze fersterking. Soene jim de foto fan de feestkommisje dêrop oanpasse kinne?

Wat kinne wy noch mear ferwachtsje?

De measte tariedingen foar de super sneon op 23 maart binne dien en wij binne alwer drok dwaande mei de tariedingen foar it folgjende feest. Dit sil wêze op sneon 18 maaie, de lêste thúswedstriid foar SDS 1 (yn elts gefal yn de reguliere kompetysje) en ek foar in oantal oare alvetallen. Wy sille dy dei wer soargje foar in moai stikje muzyk, lekker iten, in moai tema en miskien wol wat oare ludieke aktiviteiten. Ek wurd der alwer neitocht oer takom jier mei miskien wol in Oktoberfest, in sealfuotbaltoernooi mei in stikje muzyk yn de winter, Karnaval en nim mar op. Mar hoe dat der út komt te sjen sjogge jim dan allegear wol. Litte wij earst fan sneon 23 maart in súkses meitsje mei syn allen en wer wat libben yn de kantine bringe!
Oant dan!

Dat klinkt goed!
No al nocht yn
Súkses der mei!
Dankjewol!



Robin van der Weg sit no ek by de feestkommisje en kin op sneon 23 maart sa wol nei de SDS-supersneon.

**Sjoch foar al it aktuele
SDS-nijs elke dei op
www.vv-sds.nl!**

SUPER SATURDAY

12:30

SDS 2
-
LAC Frisia 1883 2

14:30

SDS 4
-
Heerenveense Boys 10

15:00

SDS 1 - CVVO 1



mrt
23

Mei Feest DJ Ray

+ draaiend rad mei leuke prizen
tema **Black and White**
16:45 oant +/- 20:00 oere

Oanslútend op de wedstriid fan SDS 1 op sportcomplex 'De Skoalleseize'

Keeperpraat

Jelte Spoelstra hat dit seizoen yn alle senioarenteams fan SDS wol in kear keepst. Hy draait syn hân der net foar om. Wy fregen him nei it keeper wêzen.



Hoe lang keepsto al?

Ik bin no al hast 11 jier keeper. Ik haw net altiten keeper west. Ik haw ferdediger west yn de JO15 en JO17

Wat binne dyn sterke punten?

Myn sterke punten binne it skot stopjen en kalm bliuwe ûnder druk.

Hast ek mindere punten?

Myn minder punten binne benammen de balferdieling en 1 op 1 duels.

Fan wa hasto it keepen leard?

Ik learde it keepen fan fideo's dy't ik op sosjale media seach.

Do hast al by alle senioarenteams fan SDS keepst, mar by welk team keepst no it leafst?

Ik keep it leafst foar it 2e om't it op in heech nivo spilet en it dêr altiten leuk is.

Is der ek wat wêr asto oan wurkje wolst?

Benammen myn bal ferdieling en doelskoppen

Wa fynsto de bêste keeper yn de Eredivisie en wêrom?

Ik folgje de Eredivisie net echt, mar as ik ien kieze moast soe it Nick Olij wêze, mar ik haw der eins gjin reden foar

Wa moat der no by it Nederlâns alvetal op de goal?

Ik soe Nick Olij graach ûnder de latte sjen wolle foar it Nederlâns alvetal

Moat Noppert ek wer by sc Heerenveen op de goal?

Ik tink dat hy net wer op de goal moat by Heerenveen, want hy moat no foar in reden op de bank sitte

Wa fynsto de bêste keeper op de wrâld en wêrom?

Ik sil foar Ederson gean, om't hy de treble wûn mei Manchester City.

Wat fynst it moaist oan it keepen?

It moaist oan keepen is dat it noait itselde is en dat ik altyd wat oars dwaan moat

Mei de bus nei sv Oosterwolde

Op sneon 11 maaie spilet SDS de ien nei lêste wedstriid fan it seizoen út tsjin sv Oosterwolde. Dit wurdt heechstwierskynlik in wichtige wedstriid yn de striid tsjin degradaasje/neikompetysje. Dat liket it SDS-bestjoer in goeie reden om dêr mei syn allen yn de bus hinne te gean. Wolsto ek mei om SDS 1 te stypjen?

It kostet wierskynlik sa'n €10,- Graach opjaan by ús foarsitter Helga Develing. Dit kin fia de mail nei foarsitter@vv-sds.nl of appe nei **06-52628565**



LEANBEDRIUW
OKKEMA

CONTACT

- ☎ 0515-331366
- ☎ 06-26569428
- ✉ info@okkema.nl
- 🌐 www.okkema.nl

LEANWURK **KRAANFERHIER** **GRÛNFERSET**
EK FOAR: SÂN · TÚNGRÛN · WÂLBESKOEIING · BESTRATING · EN MEAR

📍 Wynserdyk 24, Easterein

Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:

Wybren Politiek



Namme	Wybren Politiek
Berne	23 maart 2014
Yn Wommels, Easterein as....	Ik wenne earst 3 jier yn Easterein en no yn Wommels
Skoalle	It Fûnemint
By SDS sûnt	Op myn 7e begong yn de minileague
Team	JO10-2
Gjin fuotbal, dan...	Keatse en skiën
Favorite klup Nederlân	Ajax
Favorite klup bûtenlân	Real Madrid
Beste trainer	Zidane
Beste fuotballer yn Nederlân	Bergwijn
Beste fuotballer yn it bûtenlân	Cr. Ronaldo
Favorite fuotballer SDS	Lourens van der Pol
Beste keeper	Thibaut Courtois
Favorite posysje	Middenfjild
Sterkste punt	Middenfjild

Swakste punt	Ferlieze
Moaiste stadion	Johan Cruiff Arena
Idoal	Cr. Ronaldo
Hichtepunt	Kopgoal makke
Djiptepunt	0-10 ferlieze
Moaiste goal	Kopgoal
Skoudertriuw as tackel?	Skoudertriuw
Boas om	Ferlieze en wedstriden dy ôflast wurde
Flinters yn de búk fan	Nog niks
Tillevysje	Youtube Jesper en Rik
Muzyk	Joost Klein
Lekkerste iten	Patat
Minst lekkere iten	Blomkoal
Drinken	Prime en Fanta
Nintendo DS, Wii, Playstation 4, X-BOX of bûten boartsje	Nintendo switch en bûten boartsje
Favorite game	Fifa
As ik skoar dan fier ik dat sa....	Ferskillend
Kampioen Earedivyze 2023/2024	Ik hoop Ajax, mar tink PSV
Cambuur of SC Heerenveen?	SC Heerenveen
Moaiste sjurt	Real Madrid
Lelijkste sjurt	Manchester City
Fuotbalskuon	Nike
Rjochts of lofts?	Rjochts
At ik letter grut bin dan....	Wol ik prof wurde
Wolst fierders noch wat kwyt?	Ik fyn it leuk by SDS

SDS'er derop út

'Rot, Elfmeter, Traumfreistoß: Hertha gewinnt Spektakel gegen Magdeburg nach Blitzpause'

Yn febrewaris gie de wepmaster sûnder burd mei de faam der op út nei Berlyn. Yn de trein fanút Ljouwert prima te dwaan. Moarns om 7.44 oere de trein yn, oerstappe yn Swol en Hengelo en middeis om 13.42 oere op it treinstasjon fan Berlyn. Wier in oanrieder. De stêd Berlyn troch mei in fytstour mei in Nederlânske gids, winkelje op de Kurfürstendamm, de Berlynske muorre besjen, Checkpoint Charlie, de Brandenburger Tor, it Holokaustumuseum, de garfitty, de Gedächtniskirche, in konsertsje fan Beirut meipikt, te folle om op te neamen, Sa'n wykein mei in fuotbalwedstrydsje net ûntbrekke fansels. Dat kaam net gek út want 'tafallich' moast Hertha BSC thús tsjin FC Magdeburg. Beide stêden lizze yn it eardere East-Dútslân . Sy lizze dan wol 155 kilometer byinoar wei, dochts fielt it as in derby. In soartefan sc Heerenveen – sc Cambuur, mar dan yn it grut. FC Magdeburg kaam mei mar leafst 15.000 supporters nei Berlyn. Dat past moai, want yn it Olympiastadion fan Berlyn passe mar leafst 77.116 taskôgers. It stadion hat ien kear útferkocht west. Dat wie doe 't Hertha BSC kampioen waard yn de 2e Bundesliga yn 2011. Ynmiddels spilet Hertha wer yn de 2e Bundesliga en wienen der tsjin FC Magdeburg mar leafst 55.000 taskôgers. Yn Dútslân kamen der by de wedstriden yn de 2e Bundesliga mear taskôgers as yn de 1e Bundesliga. En dat is net sa frjemd. Yn Dútslân rinne foar de wedstriid de supporters fan beide ferienings trochelkoar hinne nei it stadion. Wêr as je wei komme of foar wa as je binne makket neat út. In flesse bier yn de hannen heart der al by. Der sneuvelt foar de wedstriid wolris in fleske, mar dêr skrikt net ien fan. De lege fleskes dy't al hiel bliuwe wurde kreas oprêden troch de swervers út de omkriten dy't dêrmei ek in noflik wykein hawwe. De wedstriid begjint mei in bult fjoerwurk en de skieds wachtet geduldich oant de lêste reakplommen fuort binne. It nivo fan de wedstriid is net heech, mar striden wurdt der foar elke meter. It stadion ûntploft hast as FC Magdeburg foar komt. Dat der lju fan Magdeburg yn de fakken fan Hertha BSC sitte makket neat. Dat heart der by. As Hertha al gau wer lyk makket, Magdeburg read krijt en Hertha 2-1 foar komt kinne de Berliners in lange noas meitsje. Krekt foar de rêst meitsje de supporters fan Hertha troch it smiten fan tennisballen op it fjild dúdlik dat sy net wolle dat de Dútske fuotbalbûn mei Amerikaanske ynfesteaders yn see giet dy 't neat mei fuotbal hawwe, mar allinnich mar mear jild fertsjinje wolle. De supporters fan FC Magdeburg geane hjir yn mei. It is al gau dúdlik dat beide supportersgroepen graach wolle dat it fuotbal by it âlde bliuwt en dat it jild net



regere mei. De skiedsrjochter wachtet geduldich, mar nei 5 minuten fluitet hy yn de 43e minút dochs mar foar de rêst. Nei de pauze begjint FC Magdeburg 'gewoan' mei in kornen en nei de blessuretiid fluitet de skiedsrjochter foar it ein fan de earste helte, ruilje beide klups fan kant en begjint de twadde helte. De Dútse krante neamden dit de folgende deis de koartste rêst ea, oftewol in 'Blitzpause'.

De twadde helte gie it wer fan geeftem. FC Magdeburg hat dan wol in man minder, mar dat is oan it spul net te merken en makket terjochte de 2-2. It hurde wurkjen giet de Magdeburgers net yn de kâlde klean sitten en nei de 3-2 fan Hertha BSC hawwe sy net folle mear yn te bringen. De supporters fan Magdeburg dogge der alles oan om harren favoriten te stypjen. 15.000 man meitsje de hiele wedstriid mear lûd as de 40.000 fan Hertha BSC. Sa no en dan giet dit tegearre mei in bult fjoerwurk. Dat dit per ûngelok op it fjild bedarret lost de skiedsrjochter op troch it spul efkes stil te lizzen en de wedstriid wer te begjinnen mei in stuitbal. It bliuwt 3-2 en dêr hat úteinlik elkenien frede mei. Hertha bliuwt 8e yn de 2e Bundesliga en FC Magdeburg sakket nei it 12e plak. Thús komme wy der efter dat der ek noch in Nederlanner meidie. It eardere grutte talint fan Feyenoord Luc Castaignois die it lêste kertiet mei by FC Magdeburg.

Wat in belibbenis! De fuotballers en de supporters meitsje it fuotbaljen. De tiisdeis nei de wedstriid makke de Dútske fuotbalbûn bekend dat sy net yn see gean mei de Amerikaanske ynfestearders om 't de supporters by alle wedstriden wol dúdlik makke hawwe dat sy dat net wolle. By Hertha smiten sy tennisballen op it fjild. By oare wedstriden barde dit ek of riden bestjoerbare auto's mei fjoerwurk oer it fjild. Wy begripe no wol wêrom. By in wedstriid yn de 2e Bundesliga hawwe je mear wille as in by wedstriid yn de Champions League.





SINDS 1817

BOUWBEDRIJF

BOOTSMA B.V.



Bouwend Nederland
de vereniging van bouw- en infrabedrijven

Terpstrjitte 5 • 8632 WJ Tirns • T. 0515 56 93 94

www.bootsma-tirns.nl

SIEPERDA TUINEN

TUIN EN ERF(HER)INRICHTING-ONDERHOUD

Waaksens
(06) 57 94 08 16
info@sieperdatuinen.nl
www.sieperdatuinen.nl

Allround Hovenier

**Samen voor
resultaat.**



Uw handelaar in de regio:

**INT. HANDELS- EN TRANSPORTBEDRIJF
GEBR. VELLINGA**

Sibadawei 26, 8734 HE Oosterend
tel. 0515-331565 / fax 0515-332105



WEBSHOP S.D.S.



T-Shirt + Polo



Short



Rugtas + Sporttas



Trainingspak



Jas met kap + Vest



Trainingsset



Ziptop + Sweater



Trainingsbroek



Schoenentas + Handdoek

CHECK:

[VVSDS.TEAMSHOP.CLUB](https://www.vvlds.teamshop.club)

OF SCAN DE
QR CODE!



n¹muta[®]
WWW.MUTASPORT.NL

**DE PROFESSIONELE
PARTNER VOOR AL
UW WENSEN
OP HET GEBIED
VAN TEAMSPORT!**



Kalverdijkje 77c 8924 JJ Leeuwarden Tel.: 058 2660315 Fax.: 058 2664610 www.mutasport.nl



Altijd opvallend bijzonder!!!

Echte sfeermakers voor binnen en buiten!!!

Binnen- en buitenplanten - exclusieve boeketten
Potterie - alles voor uw vijver - sfeervolle cadeau's

Echte vakkennis - complete keuze

Tuincentrum
GAARDENIER

Walperterwei 47b, Wommels tel. 0515-332900

Uw tuinvakman

GENIET VAN BROOD EN MEER....

PUUR
GENIETEN!



Posthuma
De Echte Bakker

Wommels Bolsward
Sneek Scharnegoutum



Sporthal & Sportkafé
De Greidhoeke



☎ 0515-331922

✉ info@degreidhoeke.frl

Follybal - Tennis - Badminton -
Sealfuotbal - Basketbal - Kuorkebal -
(Muorre)keatsen - Gymnastyk

Ut de alde doaze (1)



Yn ús digitale archyf kamen wy dizze bysûndere foto tsjin. It is in foto fan SDS 2 út it seizoen 1963-1964. SDS 2 waard doe kampioen.

Wy witte net wa 't dizze spilers allegear binne, mar herkenne sawiesa Jan (master) Strikwerda as keeper en sjogge Meinte Sixma sitten. Rjochtsboppe koe Bauke de Boer syn heit wolris stean.

Wy binne ek wol benijd wa 't dat jonkje is efter de goal. Moai om te sjen dat de doelpealen by SDS doe noch fan hout wienen. Dat hat op it eardere twadde fjild fan SDS seker oant 1990 sa west.

As jim de nammen fan dizze SDS'ers witte dan meie jim dit wol maile nei aant@vv-sds.nl of willem@vv-sds.nl .

SDS-sjaals te keap

Der binne SDS-sjaals te krijen. Sy koste €12,50 per stik.

Ideaal foar fant winter en moai om te jaan op de jierdei.

Se binne te krijen yn de bestjoerskeamer.



In fruitmandsje bringe by Gert-Jan Hiemstra

Gert-Jan Hiemstra moast foar de winterstop geregeld by SDS 1 keepe om't Mark Klijnsma blesseard wie. No't Jaap Toering wer fit is kin Gert-Jan wer by syn eigen leeftiidsgenoaten fan SDS 4 keepe. De lêste wedstriden sjogge wy allinnich by SDS 4 hieltiten Gjelt Kempe keepen. Wat is der oan de hân?



Wer hast lest fan?

Ik haw al in skoftke lêst fan meardere gewrichten, sa as myn knibbels, ellebogen, skouders en in finger.

Hoe hast dat sa krigen?

Ik kin net ien twa sizze wêr it fan komt. Ik wit wol dat it al jierren spilet.

Hoe no fierder?

De reumafaktoren yn myn bloed binne te heech, dus ik bin no trochstjoerd nei de reumatolooch.

Giest nei de fysio?

Nee, op dit momint net. Ik wachtsje earst op wat de reumatolooch seit.

Wannear ferwachteto wer op it fuotbalfjild te stean?

Dat is lestich om te sizzen. Myn klachten wikselje noch al. Ik besjoch it per wike. Soms haw ik in hiele minne wike en dêrnei kin it sa in pear dagen wer reedlik wêze.

Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

It aktyf dwaande wêze mei in leuke groep minsken. Faak kom ik wol efkes sjen, maar meidwaan is it leukste. En neisitte kinne jo wol mei dizze klachten.

Gert-Jan, in protte sukses mei dyn herstel! Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!

En mar wat rêstich oan mei it trainen foar de alvestêderintocht. ;)

(WW)

SDS -Look-a-likes(41)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei DeTreff@vv-sds.nl
Dizze kear mei tank oan Mika en Dirk de Jong.

Ald-Ajaced Davy Klaassen as Lourens van der Pol.



Hendrik Engbrenghof as John van Zweden:



Niels Janssen as Harry Potter:



SDS-League

Bote Strikwerda begjint dizze edysje fan de SDS-League knap mei 'FC Munnaps'. Hy pakte de earste wykpriis, dus it kin al út en hy stie ek al inkelde wiken boppe-oan. Wy binne benijd nei syn geheim.



Hoe lang dochsto al mei oan de SDS-League?

Te lang! Nee wurklijk wier, ik haw gjin idee. Tink hast fanôf it begjin.

Wat is der sa leuk oan de SDS-League?

Dat je elke kear wer tinke der ferstân fan te hawwen. Dat je tinke it winnende team gearstald te hawwen. Dat de gokjes yn it team it wer net wier meitsje. En fansels de persoanlijke striid mei bekenden om sa heech mooglik te eindigjen.

Wa hasto allegear yn dyn team?

Unnerstall (TWE),
Sugawara (AZ), Geertruida (FEY), Vd Berg (PEC), Kuipers (GAE),
Halilovic (FOR), Van Amersfoort (HEE), Booth (UTR),
Brobbeij (AJA), De Jong (PSV), Ogawa (NEC).

Hoe bist sa by dit team kommen? Wat is dyn taktyk?

Keeper en feredigers pakke mear punten at se faak de 0 hâlde dan in spits die mar inkeld in goal makket (Ogawa deryn in gokje).

Spilers op it middenfjild útsykje fan teams die folle doelpunten tsjin krije en dus net faak de nul hâlde en dy't by harren klups yn de spits of foarhoede spylje.

Spitsen útsykje dy't yn foarm binne, folle skoare en assisten jouwe.

Spilers útsykje dy't ek de penalty's nimme bij een team (bijkomstigheid).

Oer welke spiler bist it meast tefreden?

Luuk de Jong draait in topseizoen.

Fan wa hiest wat mear ferwachte? Hast der ek spyt fan dasto dy opsteld hast?

Halilovic, Booth en Ogawa. Sa sit Halilovic fan Fortuna no op de bank en rekke Booth fan Utrecht spitich genôch blesseard. Ik haw noch de stille hoop dat Ogawa binnenkoart ek skoren giet yn de kompetysje (tot no ta allinnich yn de beker tsjin Cambuur). Mar spyt haw ik net, want it binne en bliuwe gokjes.

Welke spiler hat dy ferrast?

Van Amersfoort docht it sûnt de winterstop boppe ferwachting.

Hast no ek better dyn bêst dien om't dyn suster Seriette de ôfrûne kear de SDS-League wûn hast en do noch nea?

Ik noch nea? Neffens mij haw ik 1 kear de SDS-League wûn en 1x de SDS EK of WK-league. Moast sels de skiednisboeken de mar efkes op nei slaan. Mar ynderdaad moast ik al efkes opskerpje nei dat Seriette de league wûn. Al hoewel it is har gund hjer. Tenslotte binne we famylje.

(Bote hat ynderdaad yn de SDS EK-League wûn yn 2012. In oare kear kinne wy sa gau net fine)

Hat sy it der ek noch aardich yn wrean?

Nee, dat foel wol mei. Wy hawwe it der wolris oer han, mar mear nei it ein ta en dan gie it mear oer at se in goed wykein han hie qua oantal punten.

Hoe bist sa by dyn teamnamme kommen?

Eigenlik hat myn heit dat betocht. Yn it begjin dienen wy tegearre mei ûnder de namme FC Munnaps. Ik wenne doe noch yn Spannum en Munnaps is Spannum oarsom speld. Letter haw ik ek noch wolris meidien ûnder de namme Strikkies United tegearre mei myn neef Jort, mar no dus wer ûnder de namme FC Munnaps.

Is der no ek in team wat dy ferrast yn de SDS-League? Fan wa hiesto net ferwachte dat dy sa heech stean soe?

Lestig te sizzen. Meastal binne it wol wat deselde nammen die heech stean yn de league. As ik no ien nimme moat dan is dat it team fan Wessel Wijnja.

Tige by tige foar dit petear en noch in soad súkses tawinske yn de SDS-League!

P.s. Ek krekt foar it útkommen stiet Bote noch boppe-oan yn de SDS-League. Ogawa (NEC) hat no ek yn de kompetysje skoord en dat makket dat Bote no 12 punten foar stiet op 'FC Voed' fan Wessel Wijnja.

(WW)

**Sjoch foar de nijste stân fan de
SDS-League elke wike op
www.vv-sds.nl**

Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasaasje Easterien. GEKE

Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes wer werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: info@geke-easterein.nl en jou oan dat je SDS stypje wolle!

GEKE GRIENE ENERZJY
KOOPEAASJE EASTEREIN

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

VanOns

Sponserjûn mei John van Zweden







Op freedtejûn 22 maart om 20.00 oere komt Johan van Zeden sprekken op de SDS-sponserjûn. It is alwer in skoftke lyn dat der foar it lêst in sponserjûn west hat. Earder binne der bekende sprekkers west lykas Johan Derksen, Fritz Korbach, Gert-Jan Verbeek en Foppe de Haan en de lêste kear wie kultrainer Simon Kistemaker der. Henk de Jong soe in pear jier werom komme, mar hie doe krekt te hearen krigen dat hy in tumor yn de holle hie. Lokkich genôch is hy dêr goed fanôf kommen en is hy ynmiddels wer trainer by sc Cambuur. John van Zeden wurdt ek wol de grutte 'behangkoning' neamd. As jongkeardel stie hy by de hurde kern fan FC Den Haag op de tribune en doe't hy in jier as 20 wie naam hy de behing- en fervewinkel oer fan syn heit. Hy boude dit út oant ien fan de grutste wenyjrjochting- en fervewinkel út fan Nederlân. Wykeins wie hy te bewûnderjen as amateurskiedsrjochter en doe't Swansea City te keap kaam like him dit wol wat. Yn 2014 kaam der in boek fan him út mei syn libbensferhaal. De rest sil Johan van Zweden wol fertelle op de sponserjûn. Alle stipers en Freonen fan SDS hawwe hjir foar in útnoeging krigen. It wurdt fêst in alderaardichste jûn.



Ut de âlde doaze (2)

No is alles digitaal, dat is yn de foarige iuw wol oars. Der binne dan fan alle leden fan SDS papieren spilerskaarten mei gegevens en at it wat mei sit, in pasfoto. Dy âlde spilerskaarten (mear as tûzen) binne no digitalisearre. Der komme tal fan nammen foarbij en spilers fan doe binne no op leeftyd en stean sneons as supporter lâns de line.

Wij dûke yn dat digitale argyf en fiskje alle Boonstra's (dy fan Itens/Rien) derút. In oersicht fan bruorren, soannen en neven. Op ús webside kinne jim dizze wike it oersicht fan dizze Boonstra's ek sjen. Yn in folgjende Treffer sjogge jim wer in nije searje spilerskaarten

<p>liân 015</p> <p>E Boonstra Maedige 25 Winsteln</p> <p>geb 26-08-1942 lid 01-06-1970</p> <p>Wife 121</p> 	<p>J.N.V.B. Ledenkaart</p> <p>Afdeling FRIESLAND Vereniging 109 SDS</p> <table border="1"> <thead> <tr> <th>JARAHR</th> <th>NAMM</th> <th>GEBORTE DATUM</th> <th>SOORT LID</th> </tr> </thead> <tbody> <tr> <td>19</td> <td>BOONSTRA</td> <td>W</td> <td>26-08-42 O</td> </tr> </tbody> </table> <p>ADRES: BUORREN 16 RI</p> <p>WOONPLAATS: RIEN</p> <p>geskiednis kaart 1 jan '80 marke Stevoien sept '80</p> 	JARAHR	NAMM	GEBORTE DATUM	SOORT LID	19	BOONSTRA	W	26-08-42 O
JARAHR	NAMM	GEBORTE DATUM	SOORT LID						
19	BOONSTRA	W	26-08-42 O						
<p>liân 0196</p> <p>Therinus Boonstra Boonstra Bjornmari 2 Rien</p> <p>geb 06-07-1946 lid aug. 1972 lids oer lid per mti '62</p> 	<p>210</p> <p>Boonstra, Spend geb 09-12-76</p> <p>Hearredyk 59 8735 tel 05159-32454 Itens</p> <p>lid mti '86</p> 								
<p>liân 016</p> <p>Naam Sj Boonstra Boonstra Boorren 16. Rien, part Boonstra</p> <p>geb. 19-3-50 lid 1-6-1969 kur dat: 27-4-70 v Tel - lid of per 1-12-73</p> 	<p>K.N.V.B. Ledenkaart</p> <p>Afdeling 05 FRIESLAND Vereniging 105 SDS</p> <table border="1"> <thead> <tr> <th>LIDNUMMER</th> <th>NAMM</th> <th>GEBORTE DATUM</th> <th>SOORT LID</th> </tr> </thead> <tbody> <tr> <td>0328</td> <td>BOONSTRA</td> <td>S</td> <td>23-03-62 G</td> </tr> </tbody> </table> <p>ADRES: BUORREN 16 RIEN</p> <p>WOONPLAATS: RIEN</p> <p>Spekieskaart 1-11-79 01-08-82 oer noar de Stevoien jan '80</p> 	LIDNUMMER	NAMM	GEBORTE DATUM	SOORT LID	0328	BOONSTRA	S	23-03-62 G
LIDNUMMER	NAMM	GEBORTE DATUM	SOORT LID						
0328	BOONSTRA	S	23-03-62 G						

*voor het totale
plaatje naar*

V.D. WERF

BOUWSERVICE

- Badkamer & toilet - renovaties & tegelwerk
- Kozijnen, Deuren & beglazing (kunststof & hout)
- Gevelbekleding & dakgoten (kunststof & hout)
- Dakwerk, dakkapellen & zonwering
- Aanbouw, verbouw & timmerwerkzaamheden
- Verkoop bouwmaterialen

06-46117123 • WWW.VDWERFBOUWSERVICE.NL

BOUWEN & VERBOUWEN

UW INTERIEURSPECIALIST

BEHANG | GORDIJNEN
RAAMDECORATIE | HORREN
HOUTEN VLOEREN | LAMINAAT
TAPIJT | PVC VLOEREN | VINYL
BUITENZONWERING
KASTEN OP MAAT

**WIJ GEVEN GRATIS
INTERIEURADVIES!**

De Lange Baan 10
8731 DZ Wommels
Telefoon (0515) 33 26 05
E-mail woonvaria@colorsathome.nl



**COLORS
@ HOME**

WOONVARIA

www.woonvaria.nl



RIJSCHOOL

THEO POSTMA

WOMMELS

06-53721431

www.rijsschooltheopostma.nl
auto@rijsschooltheopostma.nl



VAN KRIMPEN

autoschadeservice

- AUTOSCHADE HERSTEL
- OLDTIMER RESTAURATIE
- TUNING
- SPOT REPAIR
- RESTYLEN

Autoschade Service van Krimpen

Industriepark 2
8701 PN Bolsward

0515-336585
06-18639018

www.autoschadevankrimpen.nl

Brouwers Schilders

Tel. 0515 - 333 672
Mobiel 06 - 51 40 40 69

WWW.BROUWERS-SCHILDERS.NL

Wurd ek Freon fan SDS foar mar € 50,- per jier.



Foto Henk Bootsma

Meld je oan op www.vv-sds.nl



SUCCESSVOL AFVALLEN

DAT IS ONZE ZAAK

Dat afvallen ook leuk kan zijn bewijst PS food & lifestyle; het programma dat verse groenten, zuivel, vlees(vervangers) en vis combineert met koolhydraatarme én eiwitrijke producten zodat je vet verbrandt en geen spieren.

Dé manier waarop het wel lukt.

Begeleiding

Professionele en ervaringsdeskundige coaches in Workum, Wommels & Leeuwarden

Gedragsverandering

Wij leren je hoe je anders kunt denken, waardoor je anders kunt doen, betere keuzes kunt maken.

Gewichtsbehoud

Wensgewicht behaald? Wij bieden je minimaal één jaar gratis nabegeleiding!

Daarom ga je naar Balansie!

Wil jij ook gezonder leven én lekker blijven eten?
Plan dan nu je GRATIS intakegesprek en wij informeren je graag naar de mogelijkheden van onze begeleiding.

www.balansie.nl | 06 - 15 90 61 19


317

Boonstra, Niels geb: 04-03-'82

Hofkamp 14 tel: 05159-21615
 873: BV

Wommels

lid: aug '88 - juni '93




Afdeling: 05- Friesland Vereniging: IJG. 505

Nr: Boonstra, Johnny 04-03-'91

Melma wei 2 Rien

lid geworden seizoen 02/88
 spel: 1 maal gelyk lid juni '88




022

Jean Boonstra geb: 04-09-'77

Buizen 20 tel: 05152-413

Rien

lid: 1 sept '85 - jul '89




Rids. 095.

Naam: H. Boonstra ~~Smijdel 27~~ Huis HERSK 14
 Huis RIEN post Borm Bolsward
 Huis HERSK 61

Geb. 14-9-51 Bolsward.

lid. aug '72.

keur. dat: 5-4-'72.



In alvetalfoto, mei ien fan de Boonstra's kin fansels net ûntbrekke.



Doelpunten 2023-2024

39 spilers fan SDS hawwe dit seizoen ien of mear doelpunten makke. De measte doelpunten binne makke troch SDS 4, mar de topskoarder fan no Ate Schaap makke de measte doelpunten bij SDS 3. Yn syn eigen alvetal skoarde hij 10 kear, foar SDS 3 skoarde hij 2 kear en ek foar SDS 2 wist hij it net 1 kear te finen. Sneon makke hij syn debút bij SDS 1 dat it sil wol net lang duorje dat hij dêr ek it net wit te finen.

It binne oer it algemien wat meagere skoares dit seizoen. SDS 1 en SDS2 fjochtsje tsjin degradaasje en automatysk betsjut dat dat der net safolle skoord wurdt. De direkte efterfolgers fan Ate Schaap sitte foaral yn SDS 4. Mark Postma is dêryn as middenfjilder in opfallende namme.

Neist dit oersicht binne der noch 21 spilers dy hawwe 1 kear skoord. Dy nammen kinne jim werom fine op de wepside. Totaal binne der 82 doelpunten makke wêrfan 81 troch SDS spilers en ien waard troch de tsjinstanner sels skoord.

namme	1	2	3	4	Totaal
Ate Schaap		1	10	2	13
Mark Postma				4	4
Peter Sijbesma				4	4
Sije van der Schaar				4	4
Kees Sandstra			4		4
Feite de Haan				3	3
Ronny Wagenaar				3	3
Peter Hoogerwerf	3				3
Rutger Sijbesma			3		3
Jurjen Los		2			2
Willem Wijnia				2	2
Robin van der Weg		2			2
Wierd Hofstra	2				2
Halbe Willem Overal			2		2
Steven van der Pol		2			2
Aiso Agricola			2		2
Wessel Schraa		2			2
Redmer Wiersma		2			2
Jens Hiemstra				2	2

Doelpuntenmakers SDS 1 25 jier lyn

SDS 1 spile it seizoen 1998-1999 yn de 2 klasse K en einige dat seizoen yn de middenmoat. Trainer wie doe Klaas Dijkstra en de tsjinstanners wiene

1998-1999 2K	
Jappie Wijnia	10
Floris Hiemstra	5
Wichard Deinum	3
Robert Sybesma	3
Gert Jan Hiemstra	2
Minne-Sjoerd Bouma	1
Folkert Gorter	1
Wouter Hylkema	1
Harm Stremler	1
Peter Sybesma	1
Richard van der Weit	1
Willem Wijnia	1

1		Hardegarijp sv	22	54
2		Heerenveense Boys	22	40
3		Trynwâldster Boys	22	37
4		Be Quick D	22	36
5		Bolswardia	22	31
6		Workum	22	31
7		SDS	22	27
8		Buitenpost	22	27
9		Fean '58 't	22	24
10		Oostergo	22	21
11		QVC	22	19
12		Opende	22	17

Aginda

Wannear?	Wat ?
9-maart	Balk 1 – SDS 1
16-maart	QVC 1 – SDS 1
22-maart	SDS-sponserjûn mei John van Zweden as sprekker
23-maart	SDS 1 – CVVO 1
23-maart	SDS-Supersneon
30-maart	Ynhel/beker
6-april	Workum 1 – SDS 1
13-april	SDS 1 – DWP 1
19-april	SDS Vr.1 7x7 spylje yn Easterein
20-april	IJVC 1 – SDS 1
27-april	Keningsdei
4-maaie	Ynhel
10-maaie	SDS-manlju 1 7x7 spylje yn Easterein
11-maaie	sv Oosterwolde 1 - SDS 1
18-maaie	SDS 1 – Nijland 1
24-maaie	SDS-manlju 2+3 spylje thús yn Easterein
1-juny	Neikompetyasje wedstriid 1
8-juny	Neikompetyasje wedstriid 2
15-juny	Neikompetyasje finales

**SUPER
SATURDAY**

12:30

SDS 2

LAC Frisia 1883 2

14:30

SDS 4

Heerenveense Boys 10

15:00

SDS 1 - CVVO 1





mrt
23

S.D.S.



Mei Feest DJ Ray

+ draaiend rad mei leuke prizen
tema **Black and White**
16:45 oant +/- 20:00 oere

Gastliedend op de wedstriid fan SDS 1 op sportcomplex De Brallester

accele^{nt}

administratie en advies



voor accelent ondernemen

Naast het verzorgen van uw administratie, jaarrekeningen en salarisadministratie bieden wij de volgende diensten:

- financieel, fiscaal en juridisch advies
- begeleiding bij fusie of overname
- financiële planning / begeleiding van uw vermogen
- re-organisaties / organisatieverbeteringstrajecten

Vestiging Wommels

Walperterwei 41
8731 cd Wommels
t 0515 43 00 96

Vestiging Joure

Douwe Egberts Plein 4/A
8501 AB Joure
t 0513 41 77 66

Vestiging Grou

Biensma 31
9001XZ Grou
t 0566 62 13 37

www.accelent.nl



drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevlogen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN